


Muzykynstrumenten

Wy krije in muzykynstrumintsje fan clown Grapjas en meie meitoeterje. Wy meitsje prachtige muzyk.


**Ik ha in moaie toeter,
in toeter fan papier.
Ik spylje op de toeter.
Wat ha ik in plezier!**



Toeter

*Om in toeter te meitsjen, kinst in keukenrôle fervje of fersiere mei papier.
Plakst der plakrûntsjes op foar knopkes en om de toeter feestlik te meitsjen, kinst der slierten of linten opplakke.*

**In blikje mei in deksel,
dat is in moaie trom.
No noch twa stokjes pakke:
rom bom bom bom bom!**



Trommel

Fan in blik mei in deksel derop kinst in trommel meitsje. Fervje de trommel of plak der papier omhinne. Ast der in tou oan fêst makkest, kinst de trommel om de nekke hingje.